

Utneoging



Ynterfryske Rie

25^{ste} Ynterfrysk Kongres

1-3 juny 2012

Harns



Nije kânsen foar de Fryslannen

It 25ste Grutfrysk Kongres

Dizze kongressen binne der sûnt 1925, yn of by ien fan de Fryslannen yn Nederlân en Dútslân.

No dus it 25ste, en diz' kear yn Harns.

De Fryslannen lizze op it fuottenein fan de ekonomyske en politike sintra. Ekonomyske ûntjouwings geane by ús stadiger en wy bliuwe wat ynkommen oanbelanget efteroan. It giet op dit stuit yn Dútslân en Nederlân wol of net goed mei de ekonomy. Mar ek al giet it goed, wy bliuwe emigraasjelannen. By ús ûntsteane krimpregio's. Is dat echt in bedriging, sa as ús oanpraat wurdt? It biedt ek kânsen! Net yn de nederklits sitte, mar oanpakke! Wy moatte ússels rêde.

NIJE KÂNSEN FOAR DE FRYSLANNEN! Dêr giet dit kongres oer.

Kom ek en praat mei! En genietsje fan it noflike treffen mei oare Friezen, ek op de waadseetocht.

Skriuw daliks yn!

Oant sjen!

Ald Beets, maart 2012

Dr.mr. Roel Kaastra,
foarsitter Ynterfryske Rie

Dielnimmerskosten

€ 55 de persoan (studinten € 40)

(ynkl. freed: yntree Hannemahuis; sneons: dielnimmersbydrage, middeismiel, farre op It Waad, buffet; sneins: stedskuier).

Allinnich kongres op de sneon meimeitsje?

€ 27,50 (studinten € 20)

Allinnich boattocht mei buffet meimeitsje?

€ 27,50 (studinten € 20).

Oanmeldings foar 17 maaie 2012 by

Ynterfryske Rie

Saapke Miedema

Troelstrapark 3

8918 MA LJOUWERT/LEEWARDEN

E-post: ynterfryskerie@gmail.com

Tel. 06 16 608 348

It oanbelangjende bedrach graach tagelyk mei it oanmelden oermeitsje op bankrekkennûmer [1037.44.711](https://www.fryskere.nl) fan de Fryske Rie yn Ljouwert.

De earste 50 kongresgongers krije de bondel "Cultural Uniqueness and Regional Economy"

(Engbert Boneschansker, Jouke van Dijk, Lammert G. Jansma, Kees Verhaar) derop ta!

It kongres wurdt mei mooglik makke troch stipe fan de Provinsje Fryslân en de Boersma-Adema Stichting.

www.fryskerie.nl

www.interfriesischerrat.de

Ynterf

Freed, 1 juny 2012

15.00 ûntfangst fan it bestjoer fan de Ynterfryske Rie troch it gemeentebestjoer fan Harlingen/Harns. Iepenjen troch dr. mr. Roel Kaastra en wurd fan wolkom troch boargemaster Roel Sluiter (Stedhûs, riedsseal, Noorderhaven 86, Harns)

Oanslutend Miene gearkomste Ynterfryske Rie (besletten)
Partnerprogramma: besite oan it Hannemahuis (Voorstraat 56, Harns)

Jûns nei eigen ynsjoch te besteegjen.

(Besletten programma foar leden fan de Ynterfryske Rie en harren partners yn Liauckama State, Liauckamaleane 2, Seisbierum).

Sneon, 2 juny 2012

Grutte Tsjerke (Dom van Almenum), Kerkpad 3, Harns
Deifoarsitter: Germ Gerbrandy

08.45-09.15 ynrin, oanmelde

09.30 (krekt!) iepenjen dr. mr. Roel Kaastra, foarsitter Ynterfryske Rie; wolkomstwurd troch John Jorritsma, kommissaris fan 'e keninginne; oare begroetingswurden.

10.00-10.30 foardracht Meindert Schroor, sosjaal/histoarysk geograaf
De demografyske feroarings yn 'e trije Fryslannen komme wol aardich mei-inoar oerien. Wat binne de gefolgen fan krimp, fergrizing en ûntgriening foar ekonomy en leefberens. Kânsen, risiko's en net foar te kommen negatieve ûntjouwings.

10.30-11.00 neipetear/diskusje foardracht oan 'e hân fan stellings

11.00-11.30 foardracht Engbert Boneschanker, ekonoom

De gefolgen fan demografyske feroarings, fergrizing en ûntgriening foar ekonomy en leefberens yn de Fryslannen. Mooglike ûntwikkelings/senario's typysk foar platelânsregio's sa as de trije Fryslannen.

11.30-12.00 neipetear/diskusje foardracht oan 'e hân fan stellings

12.00-13.30 middeismiel mei muzyk fan Hawar

13.30-14.00 foardracht mr. drs. Jannewietske de Vries, deputearre

It Interregprojekt Vital Rural Area mei de trije wurkpakketten. De provinsje Fryslân hat it foarsitterskip fan it pakket "Optimizing services". Hokfoar mooglikheden jout dat projekt foar de trije Fryslannen?

14.00-14.30 neipetear/diskusje foardracht oan 'e hân fan stellings

14.30-16.00 evaluaasje, sluten

16.00-17.30 skoft

17.30-18.00 oan board gean fan mps Regina Andrea, Visserijhaven, Harns

18.00-23.00 fartocht by jûn nei Skylge of Flylân mei muzyk fan Grytsje Kingma & Rob du Jardin en buffet oan board

Snein, 3 juny 2012

09.30-10.45 Fryske Tsjerketsjinst û.l.f. ds. Cees Glashouwer en pastoar Jan Romkes van der Wal, Grutte Tsjerke, Kerkpad 3, Harns, mei oanslutend kofjedrinken

11.30-13.00 stedskuier mei gidsen

Antwurdkkaart

Hjir mei jou ik my/ús op foar it Ynterfryske Kongres 2012 yn Harns.

Foarnamme:	
Efternamme:	M/F:
Strjitte:	Nû:
Postkoade:	Wenplak:
Telefoan:	Mobyl:
E-post:	
Tal persoanen:	

Ik nim diel oan:

- 01.06.2012, besite Hannemahuis
- 02.06.2012, Kongres mei middeisiten, fartocht mei muzyk en buffet
- 02.06.2012 moarns en middeis: kongres, mei middeisiten
- 02.06.2012 fartocht mei muzyk en buffet
- 03.06.2012 stedskuier
- Ik bin studint